

Gemeente fan 'e Hear,

Kryst is it feest fan kontakt. Kontakt, waarmte en plak foar elk. In plak foar elk minske tusken de oare minsken. In plak foar de wrâld ûnder de himel. In plak foar de himel yn 'e herten fan 'e minsken.

En al ieuwen lang hawwe minsken de Bibel en de nedige oare goede en hillige boeken dy't minsken dy kant út hawwe wolle. De krystgedachte is âlder as it Krystfeest sels. Alle minsken witte meskien wol, djip yn har hert, dat der in himel is, in wrâld fan it ljocht. En dat wy dêrfoar bedoeld binne. En de Bibel seit ek dúdlik: sprek God dêrop oan. Hy hat Israel út Egypte frijmakke, en dêr meist Him op oansprekke. En dan sprek Hy dy ek oan mei de regels fan 'e tsien geboaden. God hat sjen litten wat Er mei de minsken wol. Hy hat it earste wurd. Wy meie sjen litte wat wy mei God wolle. Wy hawwe de mooglikheid fan antwurd. En sa wurkje in hiele protte godstsjinsten: God is goed, en do moattst sjen litte datsto mei Him it goede wolst.

Wat is dan it bysûndere fan it Krystfeest? Wat docht dat dêr dan noch by?

Dat is dit: dat it ferhaal fan Kryst alle kearen wer de minsken it boadskip jout: no wurdt der in kear nei dy harke. Want wy meie en wy kinne alles, altyd, tsjin God sizze. As ús bestean net is sa't God it hawwe wol, dan meie wy by Him wêze. Mar doare wy dat altyd? By dy grutte en machtige God, as wy it bedoarn hawwe, as wy fêst sitte, mei ús problemen komme? Steane wy der dan net faak suterich by? Mei skamte, krekt as Adam en Eva, en hâlde wy it neiste net oan ússels?

Mei it berntsje Jezus stjoert God ien nei de ierde ta, dy't nei ús harket. En syn hiele leafde en syn hiele bedoeling binne yn dat berntsje fleis en bloed wurden. Tsjin Him meie wy alles sizze. Dat begjint al yn 'e stâl. Just dêr. Omdat neat sa kwetsber en tear is as in berntsje. Kenne jim dat, dat jo mei in lyts bern, fan in pear dagen, in pear wiken âld, yn 'e hannen sitte, allinnich, en dat jo dan mei in pear wurden jo hiele hert útstoarte kinne? Dat doare jo, omdat sa'n berntsje jo noait feroardielje sil, of útlaitsje, of dingen trochfertelle, of misbrûk meitsje. Sa'n berntsje nimt jo sa't jo binne, en hawwe jo neat fan te freezjen. Sa komt God syn leafde by de minsken. Om dúdlik te meitsjen: minsken, God is inkeld leafde. En jim kinne al jim reserves, jim grutskens, jim geheimen loslitte by Him. Want Hy feroardielet net. Hy makket Himsels kwetsberder as jim. Om foar al jim fragen en klachten iepen te stean. Hy harket, en nimt dy sa'tsto bist. Onvoorwaardelijk.

En mei datselde berntsje stjoert God ek ien nei de ierde ta, dy't harket nei de wurden dy't God sels sein hat. In minske dy't de tsien geboaden en alles wat dêroan fêst sit, oannimt en dernei libbet. In minske himsels hielendal tabetrout oan de leafde fan God. Dy't God oansprekt op syn frijmeitsjende krêft, en sels syn libben út hannen jout. Sûnder dingen efter de hân te hâlden. Sûnder reserveplantsje te meitsjen foar it gefal dat God meskien dochs oars bliken docht te wêzen. Nee, in libben foar God en God allinnich.

Dêrom, mei it Krystfeest, mei de berte fan Jezus, feroaret de ierde net. Mar der feroaret al wat tusken God en minsken. It kontakt wurdt wer iepene, en kin begjinne te libjen. Einlings ien dy't nei ús harket. Einlings ien dy't harket nei God.

Amen.